

## Rapport advyskommisje takenning dr. Obe Postmapriis 2020

Yn dit rapport lêze jimme de wurkwize fan de advyskommisje, de gearkomsten, de kritearia, de prosedure en in tal oanrikkemedaasjes.

### *Wurkwize*

De potinsjele kommisjeleden binne hifke troch Tresoar en nei harren tasizzing beneamd en ynstallearre troch it Kolleezje fan Deputearre Steaten. De kommisje, besteande út Cilla Geurtsen, Rein Smilde en Cees van Mourik koe oan it wurk! Cees van Mourik waard frege om de foarsittersrol op him te nimmen. De boeken mei oersettings út of nei it Frysk út de jierren 2016, 2017, 2018 en 2019 waarden ûnder de trije leden ferparte. Dat betsjutte foar elts lid: fan maart oant augustus om 'e 40 boeken hinne lêze en beardielje op de oersetting nei of út it Frysk. De gearkomsten hawwe in tal kearen digitaal west, mei gearkomstprogramma's. Moai dat dat koe!

Wy krigen prima stipe fan Tresoar. Meindert Reitsma en Lysbert Bonnema, dy't dielnamen oan 'e gearkomsten, hawwe har taak goed útfierd. Wy koene altyd by harren terjochte mei fragen en ûndúdlikheden.

It die bliken dat it in drege put wie. Berneboeken, stripboeken, dichtbondels, fiksje en non-fiksje, romans en toanielstikken moasten beardiele wurde. De kommisje keas dêrta de folgjende kritearia. It mocht net útmeitsje oft it oanbelangjende wurk út it Frysk of nei it Frysk oerset wie. In dichtbondel út it Aldgryksk dy't fia it Ingelsk ferfryske wie, kaam krekt sa goed yn 'e beneaming as in Frysk boek dat yn it Dútsk oerset waard. Boppedat hawwe wy ôfptraat, dat it om in noch libbene oersetter gean moast. De priis soe net postúm takend wurde.

It kaam ek foar dat der in twatalige útjefte wie, Frysk en in oare taal, meast Nederlânsk of oarsom. As net dúdlik wie, hokker taal de boarnetaal wie, hat de kommisje dy boeken net meidwaan litten. No waard it allegearre wat helderder. It moast, sjoen it feit, dat de dr. Obe Postmapriis in literêre priis is, gean om in literêr wurk en dan, sa die bliken, kinne berne- en stripboeken geregeld wat in oare kategory foarmje, bygelyks mei in didaktyske ynstek. Mar dat soarte literatuer wie wol mei twa boeken yn de úteinlike top-10 fertsjintwurdige. Ik kom dêr letter noch op werom.

Dan it lêzen en beardieljen sels. Der sieten nei ús betinken goede, tige goede mar ek wat minder goede boeken tusken. Dan spilet dochs, hoewol't je dat nije wolle, it feit oft it boek spannend, aardich en learsum of ferfeelsum is. In toar en ferfeelsum boek dat yn toar en ferfeelsum Frysk oerset is, hat dus in goede oersetting! It mei net útmeitsje en dochs makket it wat út. Wy hawwe dy aspekten bepraat yn in kommisjegearkomste en kamen doe ek noch út op in oar beardelingskritearium, nammentlik:

- de PR-wearde fan dat boek foar Fryslân. Jo moatte it oandoare, de fraach te stellen oft it boek dat jo lêze en beardielje, goed is foar of bydraacht oan de posysje fan de Fryske literatuer en dus de posysje fan Fryslân sels en syn posysje yn it Nederlânske literatuerlânskip.
- Mar it wichtichste wie en bleau fansels de rykdom fan de oersetting yn taal.

Wy keazen dizze wurkwize fan beardieljen mei ferskate oandachtspunten.

Alle kommisjeleden joegen elts boek dat op 'e list stie, in sifer en de 'Top trije'-boeken waarden doe troch de oare kommisjeleden lêzen en beardiele. Dêrnei krige elts Top trije-

boek in sifer, dat earst yn in mienskiplike sitting útbrocht waard, sadat strategysk stimmen tefoarenkommen waard.

### *De winner*


It die bliken dat twa boeken hiel ticht by elkoar leine:

*It parfum* (2018), oerset troch Jan Popkema by útjouwerij Regaad, Grins / Groningen.

Oarspronklik yn 1985 útjûn as *Das Parfum* troch Patrick Süskind.

en

*Redbad. Koning van de Friezen* (2018) nei it Nederlânsk oerset troch Liuwe H. Westra en Baukje Westra-Keulen by útjouwerij Het Nieuwe Kanaal, Ljouwert. Oarspronklik yn 2011 útjûn as *Rêdbâd. Kronyk fan in kening* troch Willem Schoorstra.



*It parfum* is it ferhaal fan de massamoardner Jean-Baptiste Grenouille, dy't it ultieme parfum gearstalle wol. It spilet yn it Frânske ryk fan de 18-de iuw, dêr't it stjonkt. En it slimste stjonkt it yn Parys by de learloaierijen, dêr't de haadpersoan syn oplieding kriget. Hy bedarret letter yn de parfumery en leart dêr parfum te meitsjen. Hy hat sels gjin lichemsrook, mar de rook fan jonge froulju fassinearret him. Hy rûkt harren, fermoardet har en mei help fan parfumerytechniken nimt er harren lichemsrook ôf en makket sa it yn syn eagen perfekte parfum. Dat er gjin lichems-rook hat, is in fariaasje op it ferskynsel fan de 'fampier', dy't ommers gjin spiegelbyld hat. Dat er in fampier is, wurdt dúdlik trochdat elkenien, dêr't er mei yn kontakt komt, stjert. Grenouille sels úteinlik ek, neidat er it yn syn eagen perfekte parfum makke hat.

It boek is út it Dútsk wei yn 54 talen oerset. It Frysk is de 55-ste oersetting en it boek is ek ferfilme. Nei it oardiel fan de kommisje in prachtige oersetting fan in moai boek. De oersetting is dêrom sa goed, nettsjinsteande in inkeld flaterke (in litteken is by ús in *groede*), om't neat fan de spanning en de driging fan it orizjineel ferlern gien is. Men fielt de emoasje, rûkt de stank, mar ek it ferskaat oan roken en men sit yn 'e holle fan de moardner fan Laure. In hiel rike oersetting en in prachtige prestaasje!



*Redbad. Koning van de Friezen* is in roman nei histoaryske foarfallen yn Fryslân. Wy kenne allegearre kening Redbad, dy't wier regearre hat en libbe yn 'e 7e en 8e iuw. De roman giet eins oer de ûntjouwing fan Redbad, en syn lettere ferkenner en fertrouwenspersoan Hadagrim, dy't Raaf neamd wurdt, nei de fûgel. Hadagrim is de ferteller fan de skiednis fan Redbad en himsels. Se wurde tegearre grut en binne fanôf it begjin hertsfreonen. De ûntjouwing fan de beide karakters is in lust, en de histoaryske foarfallen binne treflik beskreaun. Spannend en foar in part in strategylearboek foar legeroanfiersders en generaals lykas Graf Helmuth Karl Bernhard von Moltke en Carl Philipp Gottfried von Clausewitz yn 'e 19-de iuw. Dy lêste publisearre 'Vom Kriege'. Syn wichtichste útspraak wie: "Oarloch is net allinne

in politike hanneling, mar ek in echt polityk ynstrumint: oarloch is fuortsetting fan de polityk

mei de tafoeging fan in oar middel (nammentlik geweld, CvM)". Redbad is hjir tûzen jier earder(!) al efter en hannelet dêr neffens.

Nei it oardiel fan de kommisje ek in prachtige oersetting fan in hiel goed boek. De karakters fan Hadagrim "Raaf" en Redbad ûntwikkelje harren lykwichtich, de lêzer is by de ûnderhannelingen en fielt de pine fan 'e dochter as se mei de soan fan Redbads fijân trouwe moat. De jonges wurde manlju en dan kening en syn fertrouwing. Hiel knap! En ek de ferantwurdiging oan 'e ein is hiel goed en op syn plak.

Ek goed foar Fryslân, want no kinne Nederlânsktaligen yn 'e kunde kommen mei de bûtengewoane Fryske kening, dy't hjir regearre hat. Leit dêr in taak foar de PR-kommisje fan Steaten as dy bestiet en fansels by de politike partijen?

In drege kar! Wy hawwe beide boeken ynkringend besprutsen en op it lêst krige *It parfum* dochs krekt in heger sifer, mei mar ien punt ferskil. Yn *It parfum* komt de hanneling o sa tichtby, wylst it *Redbad* dochs justjes mear in ferhaal is. Mar beide boeken binne in prachtige oersetting! Dat fan hiel tichtby fiele en belibje wat de haadpersoan fielt, waarnimt en docht, joech by eintsjebeslút de trochslach.

De winner dr. Obe Postmapriis 2020 is neffens it oardiel fan de kommisje wurden

### **Jan Popkema mei *It parfum***

Wy lokwinskje de winner fan herten!

#### *Oanrikkemedaasjes*

Mei nocht en wille hawwe wy ek de boeken lêzen dy't net foar de dr. Obe Postmapriis yn 'e beneaming kamen, en dan benammen de berne- en jongereinliteratuer. Dêr sieten hiel goede en moaie boekjes en boeken tusken. Om foar te lêzen, om lêze te learen en om de niget oan printe Fryske teksten te ûntwikkeljen en geande te hâlden. De kommisje fynt dat tige weardefol en ropt dêrom it Kolleezje fan Deputearre Steaten en Provinsjale Steaten op om in priis foar oersette Fryske berne- en jongereinliteratuer yn te stellen. Dy soe mei itselde budzjet honorearre wurde moatte as de dr. Obe Postmapriis. It is yn ús eagen tige wichtich dat de Fryske berne- en jongereinliteratuer ek troch oersettings yn en út it Frysk befoardere wurdt en it takennen fan in provinsjale priis kin dêr neffens de oertsjûging fan de kommisje in wichtige rol yn spylje. De provinsjale oerheid kin fansels net allinne mei de mûle belide dat de Fryske kultuer tige wichtich is, mar moat dêr yn sokke situaasjes ek hantsjes en fuotsjes oan jaan. Dit is sa'n ûnderwerp dat omtinken fertsjinnet, in soad omtinken. Dêrom roppe wy it provinsjaal bestjoer op om in literêre priis foar oersette berne- en jongereinliteratuer yn it libben te roppen. Wy soene it ynstellen fan sa'n priis o sa begroetsje!

#### *As lêste*

De kommisje hat har wurk yn de relatyf koarte tiid dy't har jûn hie, mei in soad wille en mei it bewustwêzen fan it gewicht fan har besluten, graach útfierd. Wy binne bliid en grutsk dat wy in bydrage oan de Fryske kultuer leverje mochten.

Cilla Geurtsen

Rein Smilde

Cees van Mourik  
foarsitter